

PARSEBERJOCHT/ PARSE-ÚTNÛGING

16 april 2019

Moard en lulkoek yn 'e Wâlden

Notysjes fan in azc-direkteur

Yn de tiid fan de moard op Marianne Vaatstra wie Nettie Groeneveld direkteur fan it azc yn Kollum. Tretjin jier lang libbe yn de omkriten de gedachte dat de dieder in asylsiker wie. It azc waard yn it earste jier nei de moard bedrige en swier befeilige. Yn de Fryslân DOK 'Moard en lulkoek yn 'e Wâlden' wurdt tweintich jier nei de moard weromsjoen oan de hân fan it argyf en in logboek fan de yn oktober 2018 ferstoarne Nettie Groeneveld.

Doe't in heal jier nei de moard de komst fan in nij azc-fêstiging oankundige waard, liede dat ta grut ferset yn de mienskip. Op in ynformaasjejûn waard de boargemaster fan Kollum mei aaien bekûgele. Dêropfolgjend waard yn Ingelân in nije term yntrodusearre foar 'not in my backyard', nammentlik 'to Kollumise': it tanimmende ferset tsjin de komst fan asylsikers.

Groeneveld wie yndertiid ferantwurdlik foar de feiligens fan har meiwurkers en bewenners fan it asylsikerssintrum. Se fiede har persoanlik bedrige en dat easke in soad fan har. It ynstitút foar psychotrauma begeliede it personiel wêrby't PTSS klachten fêststeld waarden.

De druk dy't de famylje Vaatstra lei op de oplossing fan de moard en it feit dat Nettie persoanlik oansprutsen waard op it efterhâlden fan feiten, makke it der net makliker op. De wurdferiening fan it azc wie doedestiids sintraal regele, wêrtroch't Groeneveld en har meiwurkers harren kant fan it ferhaal net kwyt koene. Boppedat diktearre de eangst radiostilte út it sintrum wei. In strategy dy't nei Groenevelds oertsjûging derfoar soarge hat dat de saak net fierder eskalearre is.

"It is in wier ferhaal. Oare minsken dy't belutsen wiene by dizze skiednis sille in oar ferhaal hawwe. It haw besocht út te drukken dat der net ien werklikheid bestiet, mar mearderen." – Nettie Groeneveld

Moard en lulkoek yn 'e Wâlden

De [Fryslân DOK](#) dokumintêre 'Moard en lulkoek yn 'e Wâlden' is snein 28 april fan 17.00 oere ôf alle oeren te sjen by Omrop Fryslân op telefyzje.

Noat foar de redaksje/ útnûging foar de parse:

Wy nûgje jo fan herte út om op tongersdei 25 april oanwêzich te wêzen by de viewing fan de dokumintêre. Jo binne om 12.00 oere wolkom by Omrop Fryslân, Zuiderkruisweg 2, Ljouwert.

Wy stelle it op priis as jo yn it foar oan ús trochjouwe oft jo op de útnûging yngeane. Oanmelde kin by de ôfdieling Marketing & Kommúnikaasje fan Omrop Fryslân fia mk@omropfryslan.nl of telefoanysk fia 058 299 7876.

Foar mear ynformaasje kinne jo kontakt opnimme mei de ôfdieling Marketing & Kommúnikaasje fan Omrop Fryslân: 058 299 7876.

PERSBERICHT/ PERSUITNODIGING

16 april 2019

Moord en lulkoek in de Friese Wouden

Notities van een azc-directeur

Ten tijde van de moord op Marianne Vaatstra was Nettie Groeneveld directeur van het azc in Kollum. Dertien jaar lang leefde in de omgeving de gedachte dat de dader een asielzoeker was. Het azc werd in het eerste jaar na de moord bedreigd en zwaar beveiligd. In de Fryslân DOK 'Moard en lulkoek yn 'e Wâlden' wordt twintig jaar na de moord teruggeblikt aan de hand van het archief en een logboek van de in oktober 2018 overleden Nettie Groeneveld.

Toen een half jaar na de moord de komst van een nieuwe azc-vestiging werd aangekondigd, leidde dat tot groot verzet in de gemeenschap. Op een informatieavond werd de burgemeester van Kollum met eieren bekogeld. Daaropvolgend werd in Engeland een nieuwe term geïntroduceerd voor 'not in my backyard', namelijk 'to Kollumise': het toenemende verzet tegen de komst van asielzoekers.

Groeneveld was indertijd verantwoordelijk voor de veiligheid van haar medewerkers en bewoners van het asielzoekerscentrum. Ze voelde zich persoonlijk bedreigd en dat trok een zware wissel op haar. Het instituut voor psychotrauma begeleidde het personeel van het azc waarbij PTSS klachten werden vastgesteld.

De druk die de familie Vaatstra legde op de oplossing van de moord en het feit dat Nettie persoonlijk werd aangesproken op achterhouding van feiten, maakte het er niet makkelijker op. De woordvoering van het azc was destijds centraal geregeld, waardoor Groeneveld en haar medewerkers hun kant van het verhaal niet kwijt konden. Bovendien dicteerde de angst radiostilte vanuit het centrum. Een strategie die naar Groenevelds overtuiging ervoor heeft gezorgd dat de zaak niet verder is geëscaleerd.

"Het is een waar verhaal. Andere mensen die betrokken waren bij deze geschiedenis, zullen een ander verhaal hebben. Ik heb willen proberen uit te drukken dat er niet één werkelijkheid bestaat, maar vele." – Nettie Groeneveld

Moard en lulkoek yn 'e Wâlden

De [Fryslân DOK](#) documentaire 'Moard en lulkoek yn 'e Wâlden (Moord en lulkoek in de Friese Wouden) is op zondag 28 april vanaf 17.00 uur ieder uur bij Omrop Fryslân op televisie te zien.

Noot voor de redactie/ uitnodiging voor de pers:

Wij nodigen u van harte uit om op donderdag 25 april aanwezig te zijn by de viewing van de documentaire. U bent om 12.00 uur welkom bij Omrop Fryslân, Zuiderkruisweg 2, Leeuwarden.

Wij stellen het op prijs als u vooraf aan ons doorgEEft of u op de uitnodiging ingaat. Aanmelden kan bij de afdeling Marketing & Communicatie van Omrop Fryslân via mk@omropfryslan.nl of telefonisch via 058 299 7876.

Voor meer informatie kunt u contact opnemen met de afdeling Marketing & Communicatie van Omrop Fryslân: 058 299 7876.